



DE FRYSKE MARREN

Boargemaster foar De Fryske Marren



Us nije boargemaster

As boargemaster omearmest ús mienskipssin en ús kultuer en begrypst dat dat fierder giet as it praten en begripen fan de Fryske taal. Bist der foar ús 50 doarpen en ús stêd. Krijst der enerzjy fan om ús kennen te learen en dagest út wêr nedich. Soms kinne wy nammentlik wol in triuwke brûke.

Do beskikst oer de feardichheden dy't nedich binne om alle rollen fan it boargemasterskip ferfolje te kinnen. Yn ús maatskippij, op it gemeentehûs, yn de regio en by bestjoerlike oerlizzen. Wy sykje dêrom ien dy't:

- gefoel hat by wat der spilet yn'e maatskippij en dêrop ynspylje kin;
- dúdlik is en stevich wêze kin;
- benaderber, belutsen en tagonklik is.

Wy sykje in boargemaster mei romme bestjoerlike ûnderfining dy't stiet foar goed, earlik en ynteger bestjoer. In boargerheit of - mem dy't grutsk is op ús gemeente. Fol yn de wyn as it nedich is, mei in rjochte rêch. In boargemaster dy't him foar langere tiid oan ús gemeente kommittearje wol, thús is yn De Fryske Marren en echt ien fan ús wurdt.



A scenic photograph of two cyclists riding away on a paved path. The path is flanked by a wooden fence and tall grass. In the background, there are dense green trees and a hillside. A semi-transparent blue wave-shaped overlay covers the middle of the image, containing white text.

“In boargemaster dy’t
opkomt foar alle ynwenners
en ûndernimmers fan ús
moaie gemeente”



Gefoel hawwe by wat der spilet yn de mienskip

Fan ús boargemaster freegje wy in fleksibele en ynteressearre hâlding. Us 51 kearnen binne unyk yn harren soart. We ferwachtsje fan dy datst se kennen learst, dat se dy kenne en datst witst wat der spilet.

Wy steane as gemeente foar ferskillende fraachstikken, lykas boaiemdelgong yn it feangreidegebiet, de mooglike komst fan in sikehûs, de transysje fan de agraryske sektor mar ek it ferpleatsen fan in fuotbalfjild of it sluten fan in skoalle kinne oan'e oarder wêze. Dêrby kinne de ferskate belangen útinoar rinne. We sykje in boargemaster dy't by steat is om dizze ferskillen te oerbrêgjen. Dy begryp hat foar alle stânpunten en gjin partij kiest. Dy wit wat der spilet, dêr goed mei omgiet en gefoel hat by it bestjoerlik spylfjild.



Dúdlíkens en bestjoerlike stevichheid

Us boargemaster moat by steat wêze om yn te spyljen op boppeneamde fraachstikken. Dêrfoar is it ek nedich om dúdlik en bestjoerlik stevich te wêzen. Wy sykje dêrom in boargemaster dy't op it gemeentehûs, yn de regio en yn kontakt mei ús partners har of syn mantsje stiet. It leafst mei in glimk en de nedige humor.

As foarsitter fan de gemeenteried betsjut dit datst mei natuerlik gesach de gearkomsten liedst en boppe de partijen stiest. Mar ek datst witst om te gean mei it ferskaat binnen ús gemeenteried en elkenien lykweardich behannelest. As lid fan it kolleezje bist in sparringpartner foar wethâlders en wurkest op basis fan betrouwen.

Binnen de regio hâldt it yn datst by steat bist om de belangen fan ús gemeente te behertigjen. Dêrfoar is it nedich om te ynvestearjen yn relaasjes, in netwurk te ûnderhâlden en gear te wurkjen mar soms ek om in line te lûken en foar ús belangen te stean.



An aerial photograph of a Dutch village, likely a traditional village like 'De Oude Wijk' in Amsterdam. The foreground shows a cluster of houses with red-tiled roofs and white facades. In the middle ground, a church with a prominent steeple is visible. The background shows a wide, flat landscape under a cloudy sky. A large, semi-transparent blue wave-shaped overlay covers the top half of the image, and the text is centered within this overlay.


“In boargemaster dy’t
sichtber, oanwêzich en
tagonklik is”





Benaderber, belutsen en tagonklik


Wy sykje in boargemaster dy't foar elkenien tagonklik is. In boargemaster dy't sichtber oanwêzich is, waans doar iepen stiet, dy't net bang is om syn of har gefoel sjen te litten en dy't de tiid nimt om te harkjen. By ús ynwenners oan de keukentafel, by ús ferieningen en ús ûndernimmers.




Ynteger, earlik, werkenber, ûnôfhinklik, ferbinend en stressbestindich

Wy ferwachtsje dêrneist datst teminsten foldochst oan dizze
basiskondysjes

Hoe ynwenners oansjogge tsjin ús nije boargemaster



Oan ús ynwenners hawwe wy frege wat de wichtichste persoanlike eigenskippen binne dêr't ús nije boargemaster oer beskikke moat. Ynwenners koene trije persoanlike eigenskippen kieze.



Oan ús ynwenners hawwe wy seis stellingen foarlein oer ús nije boargemaster. By elke stelling koene se op in 5 - puntskaal kieze hokker fan de twa opsjes se wichtiger fûnen, wêrby't 3 gemiddeld (= like wichtich) is.

Oer De Fryske Marren

Wy binne De Fryske Marren: de poarte fan Fryslân. In middelgrutte, toeristyske plattelânsgemeente mei 50 karakteristike doarpen en Sleat as iennige histoaryske stêd binnen de gemeentegrinzen. Stik foar stik sterke mienskippen mei elk in eigen kultuer, krêft en bloeiend ferieningslibben. Dêr't minsken harren ynsette foar in leefbere, en feilige maatskippij. Dêr't Mienskip, mei each en omtinken foar de minsken om ús hinne, sintraal stiet. In noflike gemeente om te wenjen, te wurkjen en dy te fermeitsjen. Bygelyks op ien fan ús talleaze eveneminten.

De Fryske Marren hat hast 52.000 ynwenners en is de fiifde grutte gemeente fan Nederlân mei in totale oerflak fan hast 550 kilometer. Wetter spilet in wichtige rol yn ús gemeente dy't foar 36% út marren, kanalen en sleatten bestiet.







Us ambysjes en útdagings

Resint hat de gemeenteried de mearjierrenfyzje 'Brede Wolfeart foar De Fryske Marren, fyzje oant foarby 2030' fêststeld. Yn dizze fyzje jouwe we oan watfoar gemeente we wêze wolle, no en yn de takomst. Under brede wolfeart ferstean wy de kwaliteit fan it libben, net allinne yn it hjir en no mar ek foar de generaasjes nei uzes. Yn it ramt fan ús brede wolfeart sjogge wy foar de kommende jierren ûnder oare de neikommende ambysjes en útdagings.

- Wy wolle in jierrûn oantreklike rekreaasjegemeente wêze. De Fryske Marren hat wat kultuer, natuer, wetter en lânskip oanbelanget in soad te bieden. Rekreaasje en toerisme foarmje dan ek ien fan de wichtichste pylders fan ús lokale ekonomy.
- De Fryske Marren stribbet nei in krêftige, ynnovative en takomstbestindige ekonomy dy't in bydrage leveret oan in oantreklik wen - en leefklimaat. In duorsume ekonomy mei in posityf ûndernimmersklimaat, ek foar it MKB en in grut ferskaat oan bedriuwen.
- Wy hechtsje in soad wearde oan de leefberens yn de stêd en doarpen. Dêrom sette wy ús yn foar fitale doarpsmienskippen, goede (basis)foarsjennings, goed ûnderwiis en genôch aanbod fan sport, keunst en kultuer.
- De agraryske sektor is in wichtige pylder foar ús gemeente. Dizze sektor stiet foar grutte útdagingen. Tegearre mei de sektor sykje wy nei perspektyf en oplossingen.
- It sakjen fan it Feangreidegebiet en de gefolgen dêrfan foar it lânskip, ús ynwenners en agrariërs binne foar ús wichtige útdagings.

Bestjoer en organisaasje

Bestjoere kinst net allinnich; dêrfoar is ferbining nedich tusken de mienskip, de gemeenteried, it kolleezje en de gemeentlike organisaasje. In goede gearwurking stiet dêrby foarop en is wichtich by it útfieren fan ús taken.

De gemeenteried

De gemeenteried bestiet út 11 fraksjes en hat 31 sitten. De griffier advisearret, stipet en fasilitearret de gemeenteried, yndividuele riedsleden en de boargemaster.

De hjoeddeistige koälysje wurdt foarme troch FNP, CDA, GroenLinks-PvdA en hat keazen foar in akkoart op haadlinen sa't beskreaun stiet yn it koälysje-akkoart 2022 -2026 'Fûnemint foar moarn' ([Coalitieakkoord-2022-2026-NL-1.pdf](#)).

Partij	Zetels
FNP	7
CDA	6
GroenLinks-PvdA	5
VVD	3
Kleurrijk Fryske Marren	3
Burgerpartij DFM	2
NCPN	1
D66	1
Forum voor Democratie	1
ChristenUnie	1
Voor Ondernemende Friezen (VOF)	1

It kolleezje

It kolleezje bestiet dizze perioade, njonken de boargemaster, út seis wethâlders. Yn totaal besette dizze wethâlders fiif formaasjeplakken (5 fte). De gemeentesekretaris/algemien direkteur stipet it kolleezje fan B&W.

De gemeentlike organisaasje

De Fryske Marren hat in gemeentlike organisaasje fan goed 750 meiwurkers. De direksje wurdt foarme troch de algemien direkteur/gemeentesekretaris mei trije direkteuren. It gemeentehûs is fêstige op De Jouwer en wurdt op it stuit ferboud. De oplevering fan it fernijde gemeentehûs stiet pland foar ein 2025. Dêrneist binne der twa gemeentewerven op De Jouwer en De Lemmer.








Ta beslút

Dizze profylskets is opsteld troch de gemeenteried yn gearspraak mei ús ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike partners. Oan harren ha we mei in enkête frege mei te tinken en dêr is in soad op reagearre. De enkête is yn totaal 613 kear ynfolle, wêrfoar tank! Fan de respondinten wie 30% aktyf by in maatskiplike organisaasje of feriening en 28% ûndernimmer. Alle ynput is meinaam yn de profylskets. De útkomst fan de enkête hawwe wy as taheakke tafoege. It kolleezje fan boargemaster en wethâlders, de plysje en de brânwacht hawwe ek ynput levere foar de profylskets.



DE FRYSKE MARREN

